



Stifting Nijkleaster

Ewerwert 5

9023 AV Jorwert

info@nijkleaster.nl

www.nijkleaster.nl

Banknr: NL 02 ABNA 0541 4184 40

Kamer van Koophandel: 011511683. Erkend ANBI

Nijkleaster-brief: PEASKE 2015

Jorwert, maart 2015

Oan alle donateurs, freonen en relaasjes fan Nijkleaster,

wy skriuwe dit brief krekt foar de Stille (of Goede) Wike. By Nijkleaster libje wy ta op it Peaskefeest. Graach wolle wy jimme op 'e hichte bringe fan de lêste ûntwikkelingen. Omdat der safolle geande is, neame wy it koart en puntsgewiis. Wannear't jo goed bybliuwe wolle dan kin dat it bêste troch ús webside en troch facebook by te hâlden (nijkleaster-jorwert). Wy witte dat ús publyk net altyd wei is fan de digitale middels, mar foar in netwurkbeweging as Nijkleaster binne se ûnmisber.

1.

Yn it neijier is **de Ferdjipping** yn de Jorwerter tsjerke iepene. Wy binne tige bliid mei it resultaat en brûke de romte faak. Ek wat ferwaarming en akoestyk oanbelanget is it goed slagge. Wy binne alle minsken dy't meidien hawwe oan de aksje foar de Ferdjipping nochris tige tankber!

2.

It iene projekt is noch net efter de rêch, of it oare is al wer begûn. Nijkleaster hat in begjin makke mei it proses yn de rjochting fan de kleaster-pleats. It bestjoer fan Nijkleaster hat earst in fisy foar de takomst skreaun: **Nei in hûs foar Nijkleaster**. Dêryn stiet, ûnder oaren, dat Nijkleaster tawurkje wol nei in kompleks mei romte foar gasten mar ek mei fasiliteiten foar in lytse groep fêste bewenners. Yn petear mei it doarp Jorwert en ek mei de neiste buorlju fan de Castelein-pleats is no in plan yn ûntwikkeling. Wy hoopje flak nei de simmer ús BidBoek presintearje te kinnen.

3.

Ta ús grutte freugde hat **Jentsje Popma** syn namme en wurk mei Nijkleaster ferbûn troch in skinking. Hy hat ús syn atelier mei wol hast 100 keunstwurken neilitten. Wy binne dêr as Nijkleaster hiel bliid om en stil fan wurden. Wy krije hjirtroch wat finansjele romte om de earste ûntwikkeling fan de kleaster-pleats te bekostigjen. Op ús webside kinne jo hjir mear oer lêze.

4.

Wy besykje elke tredde wykein fan de moanne in spesjale **kleastersneon en snein** te organisearjen. Foar dit jier is noch plak op sneon 16 maaie (Op ademen) en sneon 20 juny (Uit welke bron put jij?). Oanslutend is der dan sneins in Kleastersnein yn Jorwert om 9.30 oere (17 maaie en 21 juny)

5.

Ek dit jier sil mei Pinkster it **Nijkleaster Pinkster Paad** rûn wurde. Op Pinkstermoandei 25 maaie binne jo útnoege om in pelgrimaazje om Jorwert hinne te dwaan. Jo kinne in tocht rinne fan 5 of fan 16 km. Opjefte kin op de webside: www.pinksterpaad.nl. Wy slute mienskiplik ôf mei in Pinkstersjinst om ûngefear 16.00 oere. Elkenien is dêr fan herte wolkom, ek net-riners.

6.

It **Peaskewykein** fan 4/5 april sil in spesjaal Nijkleaster-wykein wurde. Op sneon sil der in Stille Sneon hâlden wurde by Nijkleaster (9.30 -16.00). Op peaskesnein is der in Peaskewacht om 06.00 oere. Dêrnei is der in moarnsbrosje mei oanslutend in kleasterkuier yn de betide moarn. Om 9.30 oere is it dan tiid foar de twadde Peasketsjinst. Dit jier docht ien fan ús gastfoargongers, Tineke Bosma, belidenis yn de Peaskewacht. It belooft in spesjale snein te wurden.

Goed Freed (3/4):	19.30 oere, Jellum
Stille Sneon (4/4):	09.30 - 16.00 oere, Jorwert
Peaskewacht (5/4):	06.00, Jorwert
Kleasterkuier (5/4):	07.30, Jorwert
Peasketsjinst (5/4):	09.30, Jorwert

Ien fan de teksten dy't wy op Stille Sneon brûke sille komt út 'e Kruisweg **Blijf bij me. Kruisweg naar Marcus.** (Bylden fan Gerard Ursem en teksten fan Margreet Spoelstra). Wy wolle dy wurden yn de dagen foar Peaske graach mei jimme diele:

Blijf bij me want de dag versmalt.

Nog even en de nacht zal het licht verjagen.

Hou de nacht met me uit en zing me liedjes van liefde.

Vertel me verhalen van licht.

En - als je kunt - dat na de nacht de morgen komt.

Ut namme fan Nijkleaster winskje wy jimme in 'goede stille wike' en dêrnei in blide Peaske ta,



Henk Kroes
(foarsitter fan Nijkleaster)



Hinne Wagenaar
(dúmny foar Westerwert en Nijkleaster)